

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 25



© Foto Atse Bruin

Easthimmerwei 25

Oer de pleats dy't eartiids efter it hûs op Easthimmerwei 25 stie, is in bytsje bekend. De pleats lei, tegearre mei in tal oare pleatsen, op de âlde Middelseedyk. It betiidste dat oer dizze pleats op skrift stiet, is dat hjir yn 1511 Hero Fongersz wennet en dat de buorkerij fjouwer en fjirtich pûnsmiet en twa einsen* grut is, ynklusyf 2 pûnsmiet "Saedlant leggende, om ende om an Hero fros huijs ende Heem". It greidelân leit fanôf de pleats oant de Mieddyk en it "hoijland" leit yn it Meerland (Marlân). De boer moat oer it Tiltsje, Suderbuursterleane, troch it doarp Folsgara nei de Tsjaerddyk om by it lân te kommen, om't der net in ferbining oer de Mieddyk is.


Hoe't de pleats der út seach, kinne wy lêze yn in advertinsje fan 24 oktober 1787 yn de LC:

De Secretaris ADEMA, zal op Dinsdag den 30 October 1787 's Na demiddags om 1 Uur, in het Waapen van Sneek by de Finale Palm slag verkopen

Een uitmuntende ZATHE en LANDEN met de Huizinge, Schure, Hovinge en wydere annexen gelegen in Folsgeare, groot in het geheel, 40 een tweede Pondematen belast met 19 Floreen by JELLE PYTTERS bewoond Petry en May 1793 vry van Huur, te huur doende boven de lasten a 222 Car. Guldens waarop per Pondem. geboden is 111 g.gls.

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 25



Kadaster 1832



kaart Schotanus

Jelle Pytters (Pieters) is de soan fan Pytter Jelles en Ytie Jorrits. Pytter en Ytie binne yn 1757 troud yn Easthim en buorkje dêrnei yn Westhim / Wolsum. Soan Jelle wurdt berne yn 1759. Yn 1768 is Pytter Jelles boer ûnder Folsgeare op de buorkerij efter Eastimmerwei 25. Jelle trout yn 1783 mei Meike Beints út Jirnsum. Hja folge dan Jelle syn heit op. Fierder is der net folle oer de famylje bekend. Nei Jelle Pytters komt Yme Keimpes op de buorkerij. Dêrnei komt dizze yn de ferkeap.

LC 10-12-1800:


Eene uitmuntende Vrugtdoende en zeer geryflyke ZATHE en LANDEN met deszelfs HUIZINGE en HOVINGE cum annexis, staande en geleege onder den Dorpe Folsgara , in het geheel groot na naam 69 Pondematen alle kostelyke Greidlanden belast met 17 1/2 Stuivers Schattinge wordende by Yme Keimpes cum uxore bewoond tot St Petry en May 1801 en kan alsdan vry van Huuringe door den Koper worden aangevaard.

Hilbrand Rintjes Runjers en Pietje Hanses, boer en boerinne op Tsjalhuzum, keapje de buorkerij. De âlde pleats wurdt ôfbrutsen en it lân wurdt by de buorkerij fan

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 25


harren omkesizzer Douwe Jans Boschma, dy't dan op Tsjaerddyk 29 wennet, dien. Nei it ferstjerren fan Hilbrand Rintjes yn 1813 ruilje Douwe Jans en widdofrou Pietje Hanses fan buorkerij en wennet Pietje Hanses yn Folsgeare.



Kadaster 1887

Om 1880 hinne lit Gorrit Pieters van der Goot, boer op Walma state, de dûbele arbeiderswenning dy't súdlik fan de eardere pleats stiet, ôfbrekke.

Dêrnei wurdt der in hûske boud, dat by âld Folsgaasters bekend wurde sil ûnder de namme "Swartseltonne".



Topografyske kaart 1870 -1935

Klaas Gerrits de Jong en Minke Jikke Wijnia, beide út Toppenhuzen, binne op 30 april 1925 troud en wurde boer en boerinne yn Tsjalhuzum. Hjr wurde de dochters Idske (1926) en Clara (1929) berne.

Heden overleed in het St. Antonius-Ziekenhuis te Sneek, in vollen vrede, na een hevig lijden, onze geliefde echtgenoot, vader en behuwdvader

KLAAS G. DE JONG,
in den ouderdom van 42 jaar.

Wed. K. G. DE JONG.
IDSKE.
CLARE.
Wed H. WIJNJA.

Tjialhuizum, 4 Februari 1932.

LC 06-02-1932

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 25

Nei it ferstjerren fan har man Klaas yn 1932 stiet Minke der mei har twa lytse bern allinne foar. Hja hâldt boelgoed en ferhuzet nei Folsgeare nei it hûske oan de Easthimmerwei by it Tiltsje.

Om yn har libbensûnderhâld te foarsjen, hat hja bûten in tonne stean dêr't hja klean yn swart fernet. Al gau wurdt it hûske bekend ûnder de namme "Swartseltonne". Yn 1954 emigrearret Minke mei de twa dochters nei Ontario, Kanada.



Clara en Idske de Jong mei yn'e midden Trijntje Sweering.

foto: argyf Wybren Sweering



Antje Damstra-
Posthuma foar de
"Swartseltonne"

foto: argyf Damstra

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 25

Nei it fuortgean fan Minke Wijnia mei Idske en Clara nei Kanada, wennet Klaas Nijholt yn it hûske. Klaas Nijholt is widner, hy wie troud mei Klaaske Bijzet.

Klaas Nijholt hat altyd in pet op en fertelt regelmjittich it neikommende gedicht, dat troch Wybren Sweering opskreaun is:

Myn âld hoed is foar sân dingen goed:

Rein en wyn en sinneskyn

Fliegebyt en miggeskyt

Sere holle, rudige nekke

Alles kin dat âlde ding bedekke !



Tegearre mei syn maat Sjouke de Groot stiet Klaas Nijholt (rjochts) yn it doarp bekend as it duo “Leugen en Bedrog”.

foto: argyf Wybren Sweering

1954 Klaas Nijholt mei in famyljelid foar syn hûs de “Swartseltonne”.

foto: argyf Wybren Sweering



Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 25

Klaas Nijholt ferstjert yn 1955. Hessel Boschma, boer op Walma state, lit it hûske ôfbrekke. Hy wol foar himsels in hûs bouwe litte by it Tiltsje oan de Easthimmerwei. Yn 1956 begjint oannimmer Wiersma út it doarp mei de bou fan in hûs mei in lytse stâl. Hessel Boschma wol hjir rintenierje. It nije hûs hâldt itselde hûsnûmer as it âlde hûske de “Swartseltonne”.




1956

Wybren Sweering op de steiger by de bou fan de stâl

foto: argyf Feike Boschma

In tûke op it heechste punt fan de nijbou.

foto: argyf Feike Boschma



De tûke (maaibeam) is in symboal dêr't mei winske wurdt dat de nijbou like grut, sterk en stabyl wurde mei as in beam. Tagelyk is it in stille hint om te traktearjen en, as it hûs klear is, in jûn útnoege te wurden.

Under de bou fan it hûs hat Hessel Boschma noch ris goed oer syn takomstplannen neitocht. Hy beslút dat syn omkesizzer Yke Boschma, dy't al lang by him yn tsjinst is, der aanst wenje moat. Hy giet sels te rintenierjen nei Boalsert.

.

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 25

Sa komme Yke Boschma en syn frou Jetske Jorritsma nei harren trouwen yn 1957 as lytse boer yn de nije wenning. Yke Boschma is in boer yn ieren en sinnen. Yke en Jetske begjinne yn de lytse stâl mei trije kij, in pear skiep mei lammen en hinnen. Jetske, Jet neamd yn it doarp, sutelet de aaien út. Stadichoan komme der hieltyd mear bisten en hokken by, oant der op it hichtepunt 20 kij binne. Yke is in doarpsman. Der is net in feriening dêr't hy net in funksje yn hat.

Hy is û.o. foarsitter fan doarpsbelang, fan de begraffenisferiening ensfh.

Yn 1972 ferhúzje Yke en Jetske nei Tsjaerddyk 29 dêr't Yke in grutte boer wurdt. Famylje van der Valk komt dan yn de wenning oan de Eastimmerwei.



It hûs, ferskûle tusken de beammen.

foto Atse Bruin

Sicht op de efterkant fan it hûs. Foar de hikke stie it hûske de "Swartseltonne"

foto Atse Bruin



*In pûnsmiet is gelyk oan 12 einsen. In eins is 20 fjouwerkante roeden. In fjouwerkante roede wurdt ek wol penning neamd. De grutte fan de roede ferskilt fan plak oant plak.

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 25

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, argyf Wybren Sweering, argyf Feike Boschma, argyf Damstra

Kaartjse: Kadaster, Schotanus

Advertinsje: LC

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.